

Bêste Tony,

At ik oan jo tink - we hawwe it besocht mei dookjen, mar dat slagge my net, dat ik hâld it no ek mar by jo, - tink ik oan de steapels kranten dy't noch lêzen wurde moasten, op 'e stuollen by jo thús, jo humor en skatterjende laits, de útferkeazenen dêr't jo in hekel oan hienen, altiten om ynhâldlike redenen, nea persoanlik, en altiten pommeranten, nea swakkeren as josels, lykas de deputearre dy't de hiele tiid ynstjoerde brieven fan jo krige yn 'e Ljouwerter krante.

Jo libben allinnich, sûnder man of bern. Jo hawwe dêr nea folle oer sein. Jo neamden inkeld in kear dat jo doedestiids jo wurk net dwaan kind hienen at jo troud west hienen. At jo it slim fûnen, haw ik nea witten. Miskien ek wol net. Jo hienen yn alle gefallen sawat altiten in poerbêst sin en jo skatterlaits wie faak te hearren, op de VU soms al fan de oere kant fan 'e gong ôf.

Mar foaral tink ik by jo oan de help dy't ik ferskate kearen fan jo krige. In brief oan jo moat dêrom wol in brief wêze om jo te tankjen. Foar de stúdzje Frysk dy't in soarte fan plattelânsk yntellektueel frijplak wie tusken it oare yntellekt. Foar de ynspirearjende kolleezjes mei neisgjirrige diskusjes yn lytse groepen. En foar de help dy't ik eltse kear fan jo krige.

De eerste kear wie dat by it taalkundeprogramma Nederlânsk. Myn stúdzjegenoate en fêste stúdzjemaatsje Greetje en ik, wienen it net iens mei it taalkundeprogramma fan Nederlânsk oan 'e UVA. Allinnich mar TGG, fûnen wy. Al dy oare neisgjirrige rjochtings dy't der ek noch wienen en dêr't we sa út en troch tuskentoch wol wat oer heard hienen, dêr woenen we ek mear oer witte. Dy moasten dochs ek oan bod komme. Jo fûnen dat wol moai, doe't jo it hearden: opstannige aktiviteiten, dêr woenen jo wol by steune. Jo hawwe my doe in pear prachtige boekjes liend, alle rjochtings stienen der geweldich oersichtlik yn, Hjelmlev herinnerje ik my ûnder oaren, dêr hienen we al wat oer heard en dêr wisten jo ek noch in protte oer te fertellen. Ek oer oare rjochtings trouwens. Wy krigen sa mear teoryen by inoar as dat wy sels útfine kind hienen. We hoegden der allinnich mar in gearfetting fan te meitsjen en dy as stúdzjeprogramma te presintearjen. Doe noch in taffeltsje mei in petysje om te tekenjen. Jo folgen it ferrin mei grutte wille. Alle rjochtings hawwe we úteinliks net krigen, mar it taalkundeprogramma is wol útwreide mei aardich wat mear rjochtings as de TGG.

Letter hawwe jo my holpen mei it projekt oer taalferlies by Nederlânske emigrantanten yn Amearika. In projekt fan de Akademy fan Wittenskippen, mei ek 76 oeren opnamen mei Friezen yn Amearika. Dat Fryske projekt krige ik fia jo doe't ik wer werom kaam nei trije jier yn Tsjechië, dêr't ik ûnder oare myn doktoraalskripsje Algemiene Taalwittenskip skreaun hie. "Doe naaide se wer út nei Tsjechië," sa't jo yn 'e jierren dêrnei altiten laitsjend seine.

It wie in geweldige kâns foar my om sa oan it wurk te kinnen. Ik mocht op jo keamer wurkje, yn 'e VU. Dêr leinen steapels papieren op jo buro, dy't oan 'e achterkant noch leech wienen en dus brûkber en net fuortgoaid wurde mochten. Duorsumens avant la lettre.

De persoan binnen de VU dêr't jo tsjin fulminearren, wie Piet van Reenen. Jierren letter, doe't jo al slim siik wienen, kaam ik Piet van Reenen noch eris tsjin, ek siik en yn in rolstoel. Gjin man mear om tsjin te striden.

It wie ôfgryslke gesellich, dy trijekwart jier by jo op 'e keamer. Moeie petearen, faak diskusjes mei in útdaagjende ûndertoan, want jo hâlden wol fan wat polemyk en provokaasje, en altiten dy skatterlaits. Ik fertelde in kear dat wy as bern mei in freondintsje gimmestykles joegen oan noch lytsere bern. "Gimmestykles sûnder foech," krige ik dêrnei faak te hearren. Mar we hienen ek serieuze petearen. Jo hienen altiten in iepen geast. Mei jo koenen je prate oer in protte dingen, ek oer dingen dy't fier fan jo eigen wrâld, jo eigen manier fan libjen, ôf stienen.

En dan wie der noch it proefskrift, it earste fan de pear proefskriften dêr't ik mei begûn bin en dy't ik net ôfmakke ha, net allegearre by jo, allinnich dit earste. Doe kaam ik by jo thús, en seach ik de steapels âlde kranten op 'e stuollen. Lykas froeger by ús thús. Dêr wie it ús mem dy't se noch lêze woe. Dat it fiede as thús by jo. Sa thús dat ik in kear, doe't jo my wat te iten oanbeanen en ik honger hie nei de lange reis út de Alblasserwaard wei dêr't ik doe wenne, in stik as fjouwer of seis stikken bôle iet. Of wienen it dochs echt acht? Dat krige ik yn alle gefallen dêrnei ferskate kearen te hearren: "Acht stikken bôle," laken jo dan mei dy útdaagjende twinkeling yn jo eagen. Dat wie tink ik foaral om't ik my dêrfoar ferûntskuldige hie en frege at jo it net te folle fûnen, wat jo fansels net fûnen. En al is dat proefskrift der dus nea kaam, it wienen hiele noflikke en nijsgjirrige gearkomsten dêr't ik jo noch better kinnen learde. En foaral dat lêste, dêr bin ik noch hieltiten tankber foar.

Sels letter yn it sikehûs wie der noch hieltiten wat oer fan dat útdaagjende, fan dy twinkeling en dy laits.

Tony, jo wienen in bysûndere, kleurrike, gruthertige, sterke en drystmoedige frou en ik bin bliid dat ik jo kend ha.

Martha Hofman



Rok en seine  
yn it nije jier  
Dongkerboer